

Utnûging foar de gearkomste op **sneon 8 apr. 2023** om 13.30 oere
yn *Tresoar (Boterhoek 1)*.

Wurklist, notulist: Rinse Spits

1. **Iepenjen,**
2. **Meidielings en ynkommen stikken.**
3. **Ferslaggen** fan 26 nov. 2022, 7 jan 2023 en 28 jan. 2023.
4. **DE JOADSKE MINDERHEID YN FRYSLÂN
1880--1940, útsûnderingen befêstigje de regel
troch: Halbe Hageman**

Skoft

5. **2^e helte fan de lêzing en petear**
6. **Omfreegjen**
7. **Sluten**

Data 2023: 16 sept.(ekskurzje), 7 okt. , 28 okt., 25 nov. (jierboek)

Dr. Jabik van der Bij (skriuwer.)

Belangstellenden binne fan herte wolkom op dizze gearkomste!

Tagong fergees

DE JOADSKE MINDERHEID YN FRYSLÂN 1880--1940

It tiidrek 1880-1940 komt der yn de skiedskriuwing bekaaid fan ôf; de twadde wrâldoarloch smyt syn almachtige skaad foarút. Dat is spitich want de grûnslach foar it nei-oarlochske Fryslân wurdt hjir lein; net yn '40-45.

Wy sille fan'e middei op in ûngewoane syktocht nei dizze grûnslach. Oant 1914 gie Fryslân troch in stoarmige ûntwikkeling, meganisaasje fan de lânbou, ûntsluting fan it plattelân, yndustrialisaasje. De gewoane man emansipearret, krijt stimrjocht. Yn minsken is der hope en optimisme foar in bettere wrâld. "Ons geleidt de nieuwe tijd", wie it leauwen.

Nei 1918 geane dy ûntwikkelingen troch, mar ûnder in folslein oar stjerte. Hope makket plak foar pessimisme. De tritiger jierren, mei de ferearming, wurkleazens en tanimmende eangst foar in nije wrâldoarloch, lykje dit byld te befêstigjen.

De Nederlânske maatskippij wurdt karakterisearre troch in verpyldering fan minderheden dy't har yn eigen rûnte ûntwikkelje. Dêryn lei harren krêft, mar ek harren kwetsberens. Fan'e middei gûnzje wy yn op in relatyf ûnbekende minderheid: de Joaden. Har ûntjouwing yn Fryslân is yn in protte opsichten folslein oars as fan dy oare minderheden. De Joadske histoarikus Jaap Meijer wie tige pessimistysk yn syn boek: 'het was joods gezien hier afgelopen voordat de Moffen kwamen'. Wêrom ferdwûn de Joad fan it Fryske plattelân? De gefolgen wiene foar harren yn it foarste plak desastreus; mar wat wiene de gefolgen foar ús provinsje? Hat it de Joaden eins kwetsberder makke doe't de Shoah syn ferneatigjende klauwen útstiek?

Yn ús sykjen nei in ferklearring meitsje wy gebrûk fan genealogysk boarnemateriaal en ferhalen fan de eachtsjûgen. De lêzing wurdt stipe mei bylden.



Halbe Hageman (1949) folge in oplieding ta skoalmaster. Hy bleau dit berop fjirtich jier trou oant syn pensjoen. Yn syn frije tiid studearre er skiednis. Dy stúdzje makke er ôf mei de skripsje Hakenkruis en vierde macht; het burgerlijk bestuur van Leeuwarden in de eerste drie oorlogsjaren.

Nei syn pensjoen waard it argyfûndersyk wer opstart mei de Joadeferfolging yn Fryslân. Hy ûntwurp dêrfoar in spesjale databank dy't it de ûndersiker mooglik makket om de kompjûter fragen beäntwurdzje te litten. It hert fan it programma binne de rom 12.000 persoanskaarten dêr't allerhande boarnemateriaal, ferwizings en keppelings nei oanfoljende websiden taheakke binne. It is koartlyn brûkt foar de realisasje fan it Joadske nammemonumint yn Ljouwert. Hageman publisearre yn de Ljouwerter histoaryske Rige, jout lêzingen en organisearret jierliks in útstalling yn de bunker fan Koehoal.

wiebon21@gmail.com

Uitnodiging voor de bijeenkomst op **zaterdag 8 apr. 2023** om 13.30 uur
in *Tresoar (Boterhoek 1)*.

Agenda, notulist: Rinse Spits

1. **Opening en welkom,**
2. **Mededelingen en ingekomen stukken,**
3. **Verslagen van 26 nov. 2022, 7 jan 2023 en 28 jan. 2023,**
4. **De Joodse minderheden in FRYSLÂN 1880-1940, uitzonderingen bevestigen de regel, door Halbe Hageman**

Pauze

5. **2^e helft van de lezing en gesprek,**
6. **Rondvraag**
7. **Sluiten**

Data 2023: 16 sept.(ekskurzje), 7 okt. , 28 okt., 25 nov. (jierboek)

Dr. Jabik van der Bij (skriuwer.)

Belangstellenden binne fan herte wolkom op dizze gearkomst!

Toegang gratis

DE JOODSE MINDERHEID IN FRYSLÂN 1880-1940

In de geschiedschrijving komt de periode 1880-1940 er wat bekaaid af; de tweede wereldoorlog werpt zijn almachtige schaduw vooruit. Dat is jammer. De basis voor het naoorlogse Fryslân wordt hier gelegd; niet in '40-45. Vanmiddag maken we een bijzondere zoektocht naar dit tijdsgewricht. Tot 1914 maakte Fryslân een stormachtige ontwikkeling door: mechanisering van de landbouw, ontsluiting van het platteland, industrialisatie. De gewone man emancipeert, krijgt stemrecht. De harten van mensen worden vervuld van optimisme; van hoop op een betere wereld. "Ons geleidt de Nieuwe Tijd" werd het credo.

Na 1918 gingen deze ontwikkelingen door, maar onder een geheel ander gesternte. Hoop maakte plaats voor pessimisme. De jaren dertig, met verarming, werkloosheid en toenemende angst voor een nieuwe wereldoorlog, bestendigen dit gevoel.

De Nederlandse samenleving werd gekenmerkt door een verzuiling van minderheden die zich in eigen kring ontwikkelden. Daarin lag hun kracht, maar ook hun kwetsbaarheid. Vanmiddag zoomen we in op een relatief onbekende minderheid: de joden. Hun ontwikkeling in Fryslân staat in veel opzichten haaks op die van de andere minderheden. De joodse historicus Jaap Meijer was in zijn boek zeer pessimistisch: 'het was joods gezien hier afgelopen voordat de Moffen kwamen'. Waarom verdween de Jood uit het Friese platteland? De gevolgen waren in de eerste plaats desastreus voor hen; maar wat waren de gevolgen voor onze provincie? Maakte het de Joden kwetsbaarder toen de Shoah haar vernietigende klauwen uitstrekke?

Bij onze zoektocht naar mogelijke verklaringen maken we gebruik van genealogisch bronnenmateriaal en ooggetuigenverslagen. De lezing wordt ondersteund met afbeeldingen.



Halbe Hageman (1949) volgde een opleiding tot schoolmeester. Veertig jaar lang bleef hij dit beroep trouw. In zijn vrije tijd studeerde hij geschiedenis. Die studie ronderde hij af met de scriptie "Hakenkruis en vierde macht; het burgerlijk bestuur van Leeuwarden in de eerste drie oorlogsjaren".

Na zijn pensionering werd het archiefonderzoek voortgezet met de Jodenvervolgung in Friesland. Hij ontwierp hiervoor een speciale database, die het voor de onderzoeker mogelijk maakt om de computer vragen te laten beantwoorden. De kern van het programma zijn ruim 12.000 persoonskaarten waarop allerlei bronmateriaal, verwijzingen en links naar aanvullende websites zijn vastgelegd. Het is onlangs gebruikt voor de realisatie van het Joods Namenmonument in Leeuwarden.

wiebon21@gmail.com